



Ferslach fan de jiergearkomste op tongersdei 18 april 2024

1. Klaas iepent de gearkomste en freget foarrang foar punt 8b fan de wurklist. Dit giet oer it beneamen fan Johan Wagenaar as nije foarsitter fan de feriening 'De Laatste Eer' fan Wommels. It bestjoer is ynnaem mei dizze foarsitter en freget de leden om dizze kar te ûndersteunen. De hiele gearkomst is it iens mei it bestjoer en hjit Johan Wagenaar fan herte wolkom yn it bestjoer. Klaas jowt de foarsittershammer troch oan Johan.

Johan pakt de foarsittershammer op. Hy jowt oan dat er fol moed en mei enthousiasme syn taak oppakke sit.

- Foar dizze gearkomste binne der gjin ôfmeldings.
- Yn 2023 binne der 11 leden ferstoarn. Johan neamt alle nammen en we binne meiinoar in minút stil.

2. Ferslach fan de jiergearkomste op 19 april 2022: de sikreataris lêst it ferslach foar en der binne gjin op en oanmerkings fanút de gearkomste. It ferslach wurdt fêststeld en ûndertekene troch it bestjoer.

3. Jierferslach 2023:  
Ek dit wurdt foarlêzen en fêststeld.

4. Ynkommen stikken: foar dizze gearkomste binne der gjin ynkommen stikken.

5. Finânsjes:

Klaas dielt de stikken út: de balâns en de exploitaasje rekken. Hy jout in dúdlike útliz en sadwaende komme der gjin fragen oer de stikken.

Hy fertelt dat de fermogen fêstsetten is op in tal bankrekkens wêrfan de rinte opbringst heger is dan de gewoane spaarrekken. It jild is ferdield oer:

- Deposito
- Tjidslotsparjen
- Doelreserveren

De sifers litte sjen dat de feriening in goed jier draait hat en de solvidariteitsreserve goed is. Dit is ek goed foar it % dekkingsgraad fan de actuariële rapportage. (wie bij de lêste beoordieling 105%).

6. Kaskommisje: dizze kear ha Cor Valkema en Siebe Greidanus de boeken besjoen en mei Klaas de hiele finansjele administraasje trochroun. Sa as ek yn de foargeande jierren is de kaskommisje tige te sprekken oer de wize werop Klaas alles fêstlein hat en ferantwurdzje kin. Sy ha it nedige akkoard tekene.

- Nije kaskommisje: Siebe Greidanus en Hessel Hofstra.
7. Fêststellen ledebydrage en ledekoarting oer 2025:
- Us ledekoarting is op dit stuit € 1200,= It foarstel fan it bestjoer is om dit te ferheegjen nei € 1225,= yn 2025.  
De gearkomste is it hjirmei iens.
  - De ledebijdrage is € 30,= en dit wolle we foar 2025 sa hâlde.  
Ek dit foarstel wurdt troch de gearkomste oannaem.
8. Bestjoersferkiezing: Baukje treedt ôf as sikretaris. It bestjoer moat op syk nei in oare sikretaris.  
Johan seit har tank foar de ynset foar it bestjoer en oerlanget in bosk blommen en in kadobon.
9. Meidielings:
- It personeel wurdt betanke foar harren ynset.
  - De Federaasje hat har foarjiersgearkomste op 22 april yn Burgum.
  - De akseptgiro giet der út. Dit betsjut dat alle leden, dy't noch net automatyske betelje, in briif krije mei it fersyk tot automatyske betelling.
  - Bûtenleden kinne harren emailadres noch trochjaen (der binne al hiel wat binnen)
10. Omfregjen:
- Hessel Hofstra: is it in idee om ek de nammen fan de bern op de rekken te setten. Sa kinne de leden en it bestjoer tagelyk neigean as alle bern registreare binne: It besjoer nimt dit mei. no Boermans en de Vries (Heslinga is no út it bedriuw)
- Fierder gjin fragen.
11. Om 21.00 slúte we de gearkomste en sitte noch efkes nei

April 2024  
Baukje Hemrica

***Ondergetekenden***, bestuursleden van de Uitvaartvereniging "De Laatste Eer", verklaren dat het jaarverslag een juiste en volledige weergave geeft aangaande de gang van zaken en het gevoerde beleid.

*Johan Wagenaar, voorzitter*

*Baukje Hemrica, secretaris*

*Klaas Eisma, penningmeester*

*Tjeerd Bosma, lid*

*Ingrid Weijer-Abma*